MOASJE

Wurklistpunt: 7. Nota Frysk taalbelied Achtkarspelen 2017-2021
Underwerp: riedsútstel yn't Frysk
De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op 21-09-2017
Fersiket it kolleezje • Gemiddeld by eltse riedsgearkomste minimaal ien riedsútstel yn 't Frysk op te stellen En giet oer ta de oarder fan de dei.
Taljochting: Sjoch foaropwurd nota It liket allegear sa fansels. Achtkarspelen is twatalich en dus – sa soenen jo ferwachtsje – spylje Frysk en Nederlânsk min of mear in lykweardige rol yn it deistich ferkear. En dochs is dat alderminst it gefal. Nim no de buorden yn en om it gemeentehûs. Oars as by in soad oare gemeenten binne dy stik foar stik Nederlânsktalich. Of ús riedsstikken. Op in inkele útsûndering yn it Nederlânsk. Net ien dy't it opfalt, net ien dy't der wat fan seit, net ien dy't de finger opstekt. Oant it tsjinoerstelde it gefal is. In beliedsnota yn it Frysk. Noch hieltyd is der reden genôch om in pear kanttekenings by dy lykweardige rol fan beide talen te pleatsen, mar ek reden genôch om it spesifike plak en de posysje en rol fan it Frysk yn ús mienskip neier te tsjutten. En as lêste, reden genôch om de ferantwurdlikens dy't de gemeentlike oerheid mei klam foar harsels sjocht, te bepalen. Ik fertrou der op dat dizze nota dêryn foarsjocht. Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders, Sjon Stellinga, wethâlder Frysk
FNP-fraksje, Tjibbe Brinkman

Motie is niet in stemming gebracht. Onderwerp is besluitvormend geagendeerd voor raadsvergadering 19 oktober 2017.